

**SKRIFTLIKE FRAGEN, op grûn fan Kêst 41 Reglemint fan Oarder**

Rjochte oan DS / lid DS	Schrier  <b>Soargen Asbestsanearing Fryslân</b>
Ynliedende taljochting (fakultatyf)	<p>Fan út de media hat de FNP fernaam dat de 2e Keamer besluten hat dat alle asbest yn Nederlân, dus ek yn Fryslân, per 31 desimber 2024 saneard wêze moat. Der is yn de 2e Keamer ynstimd mei dit wetsfoarstel. By minsken dy't dakken mei asbest hawwe binne grutte finansjele soargen troch dit beslút; net eltsenien hat de middelen om foar desimber 2024 harren dakken saneard te hawwen.</p> <p>Foar de Friezen dy't asbest op harren dakken hawwe, wie der in subsydzje regeling "Asbest er af, postcoderoos er op". Dizze regeling kearde per m2 asbest 4,50 euro út. De subsydzje-pot wêr't 150.000 euro yn siet is lykwols leech. En omdat in kritearium fan it ferkrijen fan dizze subsydzje is dat dakken yn ruil foar asbestsanearing beskikber komme moatte foar in enerzjykoöperaasje is dit allinnich passend foar gruttere agraryske bedriuwen.</p>
Fraach / fragen	<ol style="list-style-type: none"><li>1. Der blykt sa'n 80 miljoen m2 oan asbestdakken yn Nederlân te wêzen. Hat it Kolleezje al in ynventarisearring fan it oantal m2 asbest wat der noch op Fryske dakken leit?</li><li>2. Hat it Kolleezje sicht op hoefolle Friezen troch dit beslút fan de 2e Keamer mooglik yn finansjele need komme omdat hja de asbest-sanearing net, of net hielendal, betelje kinne?</li><li>3. Wat binne de mooglikheden fan de Provinsje om de lege subsydzjepot "Asbest er af, postcoderoos er op" wer oan te foljen?</li><li>4. Wat binne de mooglikheden foar de Provinsje om dizze subsydzje breder te lûken opdat net allinnich gruttere agraryske bedriuwen hjirmei holpen wurde mar ek lytsere ûndernimmers en boargers?</li><li>5. Dit beslút fan de 2e Keamer sil in soad wurk opleverje foar bedriuwen dy't spesjalisearre en sertifisearre binne ta asbestsanearing. Is der sicht op oft der genôch persoanien is by dizze bedriuwen en oft dit persoanien ek foldwaande kwalifisearre is?</li></ol>

Yntsjinner(s)	(fraksje / namme / hântekening)  FNP, Wopke Veenstra
---------------	--

Datum	24-10-2018
-------	------------